

Frysk yn tsjerke „kommeedzje” fûnen.

Nei de Twadde Wrâldkriich krigen de Fryske tsjerken in Fryske bibeloersetting (yn 1943 en 1978) en in Frysk tsjerkboek (yn 1947 en 1955). Deskundigen slane dy sels heger oan as de Hollânske oersettings en berimings. Mar nei de earste Fryske preek fan Wumkes yn Tsjom is it net ta in befrijende trochbraak kommen. Yn de Fryske tsjerken wurde goed 75 jier nei dat barren sneins trochstrings net mear as fyftjin Fryske tsjinsten holden. Soks nettsjinsteande it feit, dat der yn Fryslân mear as tachtich Frysktalige foargongers tahâlde moatte. It Frysk tsjerkfolk, de tsjerke- en parochyrieden, dûmnys en pastoars doarre it blykber noch altiten net oan en meitsje Fryske tsjinsten ta regel. Hja binne deabenaud foar reboelje yn har gemeente of parochy. Beleaven gjin taalstriid!

Yn 1986 is der in enkête holden, dêr 't út bliken die, dat tritich persint hjir leaver Hollânsktalige tsjinsten hie en 26 persint leaver Frysktalige, wylst achtjint persint allebeide wol woe en it 26 persint neat útmakke yn hokker taal de tsjinst holden waard. In ûndersyk fan de Ljouwerter Krante yn 1990 wiisde út, dat de ferhâldings noch sa leinen: 43 persint fan de ûnderfregen kaam nea yn tsjerke, santjin persint hie in foarkar foar Hollânske tsjinsten en fyftjin persint foar Fryske, wylst tsien persint beide wol woe en fyftjin persint der gjin oardiel oer hie. It Frysk wurdt de lêste jierren wol wat mear brûkt yn de sielsoarch, benammen op 'e doarpen, by hûsbesites, yn it fraachlearen, op de sneinsskoallen, by trouwerijen en begraffenis en op gemeentefûnen. Der komme ek wat mear fan hûs út Hollânsktalige dûmnys en pastoars, dy't hjir yn Fryslân it Frysk leare omt hja mei rjocht en reden fan betinken binne, dat hja dêr as sielsoarger gewoan net bûten kinne.

Fêstrûne saak

Yn de jierren tachtich is it op inisjatyf fan it Kristlik Frysk Selskip en it Roomsk Frysk Bûn besocht mei elk jier in Fryske Snein. It tal Fryske tsjinsten bleau op sa'n Fryske Snein earne tusken de tritich en fjirtich hingjen. Der bestiet ek in Ferbân fan Fryskpreekjende Foargongers, mei 44 leden yn 1985, mar dêr heart men de lêste tiden net folle

mear fan. Fêststeld moat wurde, dat it Kristlik Frysk Selskip, oprjochte yn 1908, met slagge is yn syn stribjen, it Frysk as folweardige tsjerketaal yn Fryslân ynfierd te krijen. Ek it Roomsk Frysk Bûn fan 1917 is sitten bleaun mei it Hollânsk as tsjerkelatyn. Ds. Sipke Huismans, dr. Wumkes, pater Titus Brandsma en pater Halvard Hettema binne roppenden yn 'e woastyn bleaun. Der moat al in wûnder barre yn folk en tsjerke sil it Frysk yn 2008 of 2017 gewoan de taal fan de Fryske tsjerken wêze.

De beswieren tsjin Fryske tsjerketsjinsten binne al hast hûndert jier deselde bleaun. It Frysk soe te gewoan, te bot, sels ûnearbidich wêze foar it sprekken oer en tsjin God. As soe God de iene taal leaver en heger ha as de oare. As soed Er it Hollânsk hillige ha en it Frysk net en as soed Er Syn hillige Namme net earje litte wolle yn alle talen.

„It Frysk mei yn tsjerke net brûkt wurde as middel yn de Fryske taalstriid”, sa wurdt der ornearre. Fansels net, mar it Hollânsk likemin. „Der mei troch it Frysk gjin twaspjalt yn de gemeenten ûntstean”, sa wurdt der warskôge. Mar der is al twaspjalt troch de iensidich yn stân holden Hollânsktalige tsjinsten. Dy bringe net allinnich in keunstmjittige skieding teweï tusken Hollânsktalige en Frysktalige leden, mar ek tusken it libben en it leauwe fan dy leden. It Hollânsk as iennichste taal fan tsjerke en leauwe yn Fryslân bringt twaspjalt yn de Fryske sielen teweï. Mar gjin godgelearde liket dêr ea wekker fan te lizzen.

Tsien stellings

1. It hanthavenjen fan it Hollânsk as taal fan tsjerke en leauwe yn Fryslân is ûnbibelsk, ûnskriufuerlik. De evangelieljoeken en de measte apostolyske brieven binne skreaun yn de taal fan it gewoane folk, net fan de hegerein. Jezus spriek God oan as 'abba' (heit) yn syn Arameeske memmetaal. Hy brûkte net it ekwivalent fan it Hollânske 'Vader', mar fan it Fryske 'Heit'. Yn de evangelieljes wurdt God 174 kear 'abba' neamd. Dat Arameeske wurd is sels trije kear stean bleaun yn de Grykske tekst fan it Nije Testamint. Ek mei de dea foar eagen ropt Jezus God noch oan as 'abba'. Gjin sprake fan ûnearbidich en bot taalgebrûk

yn de omgong mei God. It is dêrom yn striid mei de letter en de geast fan de bibel as Kristen-Friezen úthâlde wolle. Heit soe net earbidich genôch foar God wêze en it Frysk soe foar de omgong mei de Hear fan minder alloai wêze as it Arameesk fan Jezus en syn dissipels.

2. It net brûke wollen of doarren fan it Frysk yn de earetsjinst docht tekoart oan de Skepper, de Hear fan alle folken, naasjes, tongen en talen. It is in stik heechmoedigens, dôfhûdigens en oerhearigens, God de Him takommende eare yn it Frysk ûntkeare te wollen en soks ek noch mei fromme en nederige argumenten.

3. It net brûken fan it Frysk yn de earetsjinst is yn striid mei de twa grutte geboaden. It earste gebod is, God leaf te hawwen mei jins hiele hert, jins hiele siele en jins hiele ferstân. Hoe yn 'e goedicheid wolle Friezen dêr de taal fan harren hert, siele en ferstân fan útslute? It twadde gebod is, jins neiste leaf te hawwen as jinsels. Hoe sil men de Fryske neiste yn de tsjerke leaf hawwe, mar de taal, it ynderlikste en persoanlikste fan dy neiste, dêr bûten hâlde? Wat foar kâlde en breklike neisteleafde is dat?

4. It net brûken fan it Frysk yn de earetsjinst docht ek it Pinksterwûnder tekoart. De Hillige Geast waait wêr 't Er hinne waaie wol, ek yn Fryslân. Yn dit lân wurdt lykwols al generaasjes lang probearre, wynskermen op te setten tsjin it waaien fan de Geast yn it Frysk. Dat siicht sa gefaarlik! De Geast kriget hjir sa net folslein de romte; Hy wurdt yn in Hollânsk stokramt twongen.

5. It brûken fan it Hollânsk as in soarte fan tsjerkelatyn is ek stridich mei de geast fan de Reformaasje. Oan it Frysk tsjerkfolk is it Wurd yn de eigen taal iuwen lang ûntkeard. De Fryske tsjerken binne wat dat oanbelanget roomsk bleaun. De Hollânske taal is hjir skood tusken de leauwigen en har God, wylst de Reformaasje ferkundige, dat der in direkte omgong tusken de leauwigen en har Hear wêze mocht. Dat wie ommers de gloarje fan de Herfoarming: gjin makelers, middelers, magyske hannelingen, tsjerklike amtners en frjemde talen tusken God, de Heit, en Syn bern. De fraach liket dêrom rjochtfeardige, oft en yn hoefier 't dan it Fryske folk yn de sechtjinde ieu echt herfoarme is.

6. It Frysk is ûnder it tsjerkfolk yn Fryslân krampeftich yn de sfear fan

it ûntsjerklieke, wrâldske en heidenske holden. Dy taal is foar it gefoel fan de measte Kristen-Friezen winliken net kerstene, lit stean fan hillige, ta de eare fan God. De Friezen hâlde sadwaande harren taal, it meast wêzentlike en geastlike fan in minske, bûten harren geloofslibben. Hoe kinne hja dan mei hert en siele leauwe, beliede, bidde en lofsjonge? Yn hoefier binne hja echt en folslein bekeard as hja de taal fan harren holle en hert, fan harren geast en siele, dêr eigensinnich bûten hâlde? Is it Kristen-wêzen hjir dan yn alle gefallen net in slim ferknipte, hast skizofrene oangelegenheid? Libje, boartsje, leavje en dreame yn it Frysk en leauwe yn it Hollânsk? Is dat behalven stoffe foar teologen ek net foer foar psychologen?

7. It Hollânsk as tsjerketaal yn Fryslân stiet de sielsoarch en it apostolaat fan de tsjerke yn 'e wei. It is in hindernis foar de ienfâldige, Frysktalige leden fan de Fryske gemeenten. It docht ûnderstek oan it folweardich lid wêzen fan de gemeente fan de Hear en wurket diskriminearjend. It skept twaspjalt yn stee fan mienskip. De „broeders en zusters” wurde gjin „bruorren en susters”. Wat komt der sa yn de tsjerke telâne fan it de Joaden in Joad wurden, de Griken in Gryk, de Hollanders in Hollander en de Friezen in Fries?

8. It Hollânsk as tsjerketaal stiet ek de Frysktalige dûmnys, pastoars, âlderlingen, tsjerkfâden en diakens yn 'e wei. Frysktalige dûmnys preekje ornaris frijer, liniger en direkter yn it Frysk as wannear't hja har plichtmjittige, opdienne Hollânsktalige preken hâlde.

9. Fan Fryske tsjinsten wurdt faak bewoard, dat dy libbener, iepener, blierder en spontaner as de Hollânske wêze soene. Ek Hollânsktalige tsjerkegongers fine faak, dat it bliid boadskip yn Fryske tsjinsten in nij lûd, in nije gloede kriget. Wêrom soe de tsjerke it Frysk net brûke foar de fernijing fan de earetsjinst? Foaral no 't der sa klage wurdt oer fergrizing, ferstiving, ûnferskilligens en it leechrinnen fan de tsjerken.

10. It iensidich brûken fan it Hollânsk yn de earetsjinst stiet ek de ienheid fan de tsjerken en Kristenen yn Fryslân yn it paad. Der wurdt njonken alle oare tsjerklike skiedings in skieding makke tusken Frysk- en Hollânsktaligen. Wêrom net meinoar stribje nei ien Evangelyske Tsjerke yn Fryslân foar

herfoarmen, grifformearren, minnisten, baptisten en roomsken? Yn it Kristendom giet it dochs om de hiele minske en om de hiele mienskip?

Eeltsje Boates Folkertsma hat sechstich jier lyn it profetysk fisioen hân fan in Fryske tsjerke, wêryn 't Frysk preekjen liede soe ta geastlike fernijing en befrijing, ta in kristlik reveil. Yn de folkstaal, de direkte utering fan de folkssiele, komt neffens him it Wurd it tichtst en it djipst oan it hert fan it folk. It kriget sa „skerper sneed” en sil de minsken út harren ûnferskilligens wekker skrilje.

Ien taal ha wy krigen en dy iene taal is ta alles genôch, skreau Folkertsma. Gjin twa talen ha wy fan God krigen: ien foar de skuorre en ien foar de tsjerke, ien foar it folk en ien foar de hearen, ien foar de deis en ien foar de sneins, ien foar it deistich praat en ien foar it bidden, ien foar de minsken en ien foar God. „It is fan 'e moarn kommeedzje yn tsjerke!” rôp de âld frou, dy 't oeremis de tsjerke fan Tsjom út rûn, doe't ds. Wumkes dêr yn 1915 foar it earst yn it Frysk preke. It is mei it Frysk yn tsjerke yn 1992 net sasear in kommeedzje, mar in tragedzje. Of slimmer noch: wat der bart is kristlik sjoen sûnde, dôfhûdigens. Tsjin God, de Heit fan alle folken oer. Tsjin de Soan oer, dy 't Syn boadskip yn alle talen oer de hiele wrâld ferkundige ha wol. En tsjin de Hillige Geast oer, dy 't frijrit waaie wol, ek oer it Fryske gea. Mar de tsjerke bliuwt sels yn Fryslân in oarde fan leauwe, hope en leafde. Ek yn de Fryske tsjerken is in nij, in twadde wûnder mooglik. It earste wûnder hat west, dat it Frysk oant no ta bestean bleaun is. It twadde wûnder kin wêze, dat it Frysk ienris syn rjochtlik en evangelysk plak kriget yn dy iene Evangelyske Tsjerke yn Fryslân. God hat geduld, ek mei Syn dôfhûdige bern yn Fryslân. As it sa fier komme mocht, sil yn de sneinse tsjerketsjinsten yn it Fryske lân oan de ein de hegepreesterlike seine fleuriger en riker as ea oer de hollen fan it tsjerkfolk klinken: „Mei de Heare jimme seinigje en behoedzje. Mei de Heare jimme mei it ljocht fan Syn antlit beskine en jimme genedich wêze. Mei de Heare Syn antlit yn goedens nei jimme ta keare en jimme frede jaan”. Ja frede!

J. NOORDMANS